

Preek oer 1 Petrus 3, 10 – 12 (Frjentsjer, 8 maaie 2011)

Ps.119:13-15

Ges.154:1-3

L 1Pt.2,11-25

Ges.163

L 1Pt.3,1-12

T 1Pt.3,10-12

Ps.34:7,8

Liet 107 (nei kollekte)

Ps.72:7b (as amen op de segen)

Gemeente fan 'e Heare Jezus,

“Dêrnjonken moatte jo, breid, witte hoe't, neffens it Wurd fan God, jo hâlding foar jo man oer wêze moat. Lykas it lichem oan de holle en de gemeente oan Kristus ûnderhearrich is, moatte jo jo wettige man leafhawwe, respektarje en yn alle dingen dy't goed en rjochtfeardich binne folgje, as jo hear. Jo moatte oer jo man net de baas spylje, mar jo yn wiisheid stil hâlde. Want Adam is earst makke, doe Eva, Adam ta help. **[ppt]** En nei de sûndefal hat God ta Eva en yn har persoan ta it hiele froulik slachte sprutsen: Ta dyn man sil dyn begearte wêze en hy sil oer dy hearskje. Tsjin dy beskikking fan God moatte jo net yngean, mar earder it gebod fan God en it foarbyld neifolgje fan de hillige froulju, dy't op God fertrouden en har ûnder har man deljoegen, lykas Sara Abraham hearrich wie en him hear neamde”.

Sa spruts it houliksformulier eartiids oer de posysje fan 'e frou yn it houlik. De âlderein yn ús fermidden binne noch mei dat formulier troud. Ik sis: de âlderein, om't dat stik al mear as fiifentweintich jier net mear yn it frijmakke houliksformulier stiet. De jongerein sil faaks sizze: “Wat in gelok dat dat ús net mear foarholden is”. Dêr bin ik it dan grif mei iens. Want “ta dyn man sil dyn begearte wêze en hy sil oer dy hearskje”, dat is hielendal gjin beskikking fan God dêr't de frou net tsjinyn gean mei, mar in flok dêr't man en frou tenei mei te rêden ha. Krekt as de toarnen en stikels dy't opsjitte op 'e eker en derfoar soargje dat in minske mei it swit op 'e holle syn brea yt, oant er weromgiet nei de grûn dêr't er út naam is (Gen.3,17-19). As in frou langstme hat nei har man, mar hy kin allinnich mar oer har hearskje, dan is dat in teken hoe't it houlik troch de sûnde út 'e foegen skuord is. Sa hie God it no krekt net bedoeld. Yndie, wat in gelok dat dat fatale misbegryp út ús houliksformulier ferdwûn is.

Mar jildt dat no ek foar dy wurden dy't derop folgje: **[ppt]** “(Tsjin dy beskikking fan God moatte jo net yngean,) mar earder it gebod fan God en it foarbyld neifolgje fan de hillige froulju, dy't op God fertrouden en har ûnder har man deljoegen, lykas Sara Abraham hearrich

wie en him hear neamde”? Want dy wurden steane dochts letterlik sa yn ‘e Bibel. Wy hawwe se niiskrektsa noch lêzen: “Froulju, jim sier moat bestean yn in wier inerlik, yn it ûnfergonklik sieraad fan in stille en evenredige geast. Sa sierden ek eartiids de hillige froulju har, dy’t op God hopen en foar har manlju oer har plak wisten. Lykas Sara om Abraham sizzen joech, mei’t se him ‘myn hear’ neamde”. Wêrom binne dy wurden út it âlde houliksformulier ek skrast? Omdat wy fine dat se har tiid hân hawwe? Sa haw ik der sels al oer tocht. Doe’t ik dat ris lûdop sei, krige ik trammelant mei ien fan ‘e proffen út Kampen. “Asto it net iens bist mei wat Petrus hjir seit, dan moasto dy bekeare”. Mar op myn fraach oft syn frou him dus wol mei ‘hear’ oanspruts, haw ik noait antwurd krigen. Oft Gods wurd dat wol fan ús freget, dat moast ik sels mar útsykje.

No, dat haw ik dien en dit is myn antwurd. Wêr stiet dat yn it âlde testamint, dat Sara Abraham oanspruts mei ‘hear’? Dat stiet hielendal net yn it âlde testamint, nearne. Want wat stiet der no krekt yn dat stik dêr’t Petrus nei ferwiist? Ik komt út ‘e skiednis dat God Abraham ûnthjit dat er mei in jier heit wêze sil. Dat stiet sa beskreaun [ppt] “Doe seinen se tsjin him: Wêr is Sara, jo frou? Hy sei: Dy is yn ‘e tinte. Hy sei: Ik kom oer in jier ferfêst by dy werom en dan hat Sara, dyn frou, in soan. Sara hearde it by de yngong fan ‘e tinte, dy’t achter Him wie. No wienen Abraham en Sara âld, al tige op jierren kommen. En Sara wie al oer de jierren. [ppt] Sara lake der ynwindich om en tocht: Soe ik noch befrediging ha no’t ik útlibbe bin en *myn hear* âld is?” Mar de ingel fan de Heare priizget har dêr net om. Hy hikkelet har, om’t se Him stikem útlaket. “Sara – bang as se wie – hiet it ligen en sei: Nee, ik haw net lake. Mar Hy sei: Dat is net wier, do hast àl lake” (Gen.19,9-15)

Je soenen dochts sizze: At der no ien stik yn ‘e Bibel stiet dêr’t in frou it ferkearde foarbyld jout, dan dit stik út Genesis 18 wol. Hat Petrus dat wurd dat Sara har man “hear” neamde net wat út it ferbân skuord? Ja, en dochts is dat net sa. It is no krekt in foarbyld by wat er krekt skreaun hie: dat de sier fan in frou bestiet yn wat ferburgen leit yn har *hert*. Ek doe’t se *ynwindich* lake om wat God sei, neamde se Abraham noch altiten har hear. Se koe him op dat stuit net folgje yn syn fertrouwen op God. Mar ek doe hie se wol respekt foar har man. Want net mei de mûle, mar mei it hert neamde se him har hear. Dat hat Petrus rekke, doe’t er dy bekende skiednis noch ris lies. Sara is foar him net in foarbyld omdat se har man yn alles mar slaafsk folge. Mar ek doe’t se dat net die, ferlear se har respekt foar him net. Ek doe wie se Abrahams Sara.

Sa wurden eartiids yn Fryslân troude frouwen úttsjutte. Myn beppe wurde bygelyks Davids Hiltsje neamd. Ik wol dêr net mei sizze dat froulju wer nei har manlju neamd wurde moatte. Mar ik ben der wis fan dat myn frou it net slim fine soe en neam harséls Davids

Jakoba. Lykas ik it net slim fyn Jakoba's David te wêzen. Ek as wy it net mei-inoar iens binne.

Dêr giet it Petrus ek net om. Dat docht ek wol bliken as er fierder giet mei: "Jim, froulju, binne dochters fan Sara, as jimme it goede dogge en jim fan neat bang meitsje litte". As in frou bang fan har man is, is dat dus gjin kristlik houlik. In frou hoecht net altiten mar ja en amen te sizzen op har man. Mar se moat him yn har hert ek net minachtsje. Sa wiist Petrus in útwyk út 'e flok dêr't it houlik sûnt de sûndefal troch bedoarn wurdt. Somtiden kinne je as frou der sa'n langstme nei ha en wês burgen by je man. Wat moatst dwaan, as hy net lyts en swak mei dy wêze kin, mar allinnich mar grut en sterk? Doch it goede en lit dy net bang fan him meitsje. Oerwin in kweade troch it goede (Rom.12,21).

Petrus lûkt hjir de line fan haadstik 2 fan syn brief troch. Wat er hjir skriuwt oan froulju, skreau er dêr oan froulju en manlju: "Lit jimme hâlden en dragen ûnder de heidenen goed wêze. Dan sille se, ek al berabje se jimme as kweadoggers, as se jimme goede dieden sjogge, dochs God priizje de deis dat Hy komt. Wit jim plak foar alle minsklike ynstellings oer, om't de Hear it sa wol". Dat past er yn haadstik 3 ta op de froulju: "Sa moatte ek jimme, froulju, foar jim manlju oer jim plak witte". It is dus net sa dat allinnich de frou har deljaan moat, nammentlik ûnder har man. Want foar manlju jildt likegoed as foar froulju dat se har plak witte moatte foar alle minsklike ynstellings oer. Eins stiet der: **[ppt]** "Jou dy del ûnder elk minsklik skepsel". Dy oersetting haw ik allinnich yn 'e kanttekeningen by de Steatebibel weromfûn. Dochs krije je sa in trochgeande line: **[ppt]** boargers moatte har deljaan ûnder de oerheid, slaven moatte har deljaan ûnder har master en froulju moatte har deljaan ûnder har man.

Mar Petrus liket it omkearde dochs net te sizzen: **[ppt]** dat manlju har sa ek deljaan moatte ûnder har frou. Dochs seit er dat wis wol. Want der stiet yn fers 7: "Manlju, *sa* moatte jimme *ek* begryp hawwe foar jim froulju en har earje as it swakke geslacht". It giet my no allinnich eefkes om dy wurden: "Manlju, sa moatte jimme ek..." Petrus lûkt de line fan haadstik 2 troch, ek as er de manlju oansprekt. Lykas boargers har ûnder de oerheid, slaven har ûnder har master en froulju har ûnder har man deljaan moatte, sa moatte manlju ferstannich omgean mei har frou en har earje. It is wier, Petrus seit net dat manlju har ûnder har frou deljaan moatte, mar dat se har earje moatte. Doch is dat net hiel wat oars. Dat docht bliken as we lêze wêrom manlju har frou earje moatte. It is skande dat dat neffens de Nije Fryske Bibeloersetting is omdat froulju it swakke geslacht wêze soenen. No wol Petrus yndie sizze dat in frou kwetsberder is as in man. Mar hy makket dat dúdlik mei in hiel moai byld,

dat yn 'e Nije Fryske Bibeloersetting ferlern gong is: In man moat krekt sa hoeden mei syn frou omgean “as mei brekber ierdewurk”.

No binne froulju oer it algemien handiger mei brekber diggelwurk as manlju. Yn Petrus' dagen wie dat hielendal sa. Dêrom spruts dat byld de manlju út dy tiid ek sa oan. Tink mar ris oan froulju dy't mei in krúk op 'e holle rinne en putsje wetter. [ppt] No, seit Petrus, sa moasto mei dyn frou omgean. Datsto it haad fan dyn frou bist, betsjut datsto har op dyn holle drage moatst. Mar ûnderwilens hat Petrus der wis wol mei sein dat in man him deljaan moat ûnder syn frou, lykas in frou har deljaan moat ûnder har man. Hy seit it allinnich folle subtiler: sa moatsto dyn frou no earje. Yn Fryslân rinne froulju net mei in krúk op 'e holle. Mar ek yn it Frysk kenne wy de útdrukking dat je immen op hannen drage. Dat moat in man dwaan: syn frou op hannen drage. Net allinnich op memmedei, mar alle dagen fan syn libben: yn moaie en minne dagen, yn rykdom en earmoed, yn sûnens en sykte. Dyn frou op hannen drage, yn kristlike houliken moat dy útdrukking fleis en bloed wurde. Yn in wrâld fan toarnen en stikels en fan houliken dy't út 'e foegen skuord binne, mei de manier wêrop in kristenman en in kristenfrou elkoar hâlde en drage in libben oantinken wêze oan it paradys dat ferlern gong is.

Ik hoopje dat jo no wol begripe dat 1 Petrus 3 perfoarst gjin wurd is út in efterlike kultuer, mar in wurd dat de kultuer fan it keninkryk fan God beskriuwt. Wa't in boarger is fan dat keninkryk moat dy kultuer sjen litte yn in wrâld dy't suchtet ûnder de flok fan 'e sûnde.

No wie it yn Petrus' dagen al sa dat froulju oer it algemien earder boarger fan Gods keninkryk wurden as manlju. Wat dat oanbelanget is der net folle feroare. Noch altiten sjogge je dat troch sinding en evangelisaasje mear froulju as manlju ta bekearing komme. Ik haw, doe't ik dûmny in Den Haag wie, wol eks-moslîma's doopt, mar gjin eks-moslîms. Dat dat ferskynsel by Petrus op 'e eftergrûn meispilet, die bliken doe't er tsjin 'e froulju sei: “As guon fan dy manlju net nei it Wurd harkje wolle, kinne se troch it hâlden en dragen fan har froulju, wûn wurde, sûnder dat jimme in wurd hoege te sizzen”. As Petrus no ek de manlju oansprekt, moat it hjir wol gean om manlju dy't har al dope litten ha.

Mar noch altiten kin it wêze dat sa'n man wol lid fan 'e tsjerke is, mar gjin boarger fan it keninkryk. Want Petrus skriuwt: “Manlju, jim moatte ferstannich omgean mei jim froulju en har earje, as wie se brekber diggelwurk, want sy binne, likegoed as jimme, erfgenamt fan it libben dat God yn syn genede jout”. Dêrmei seit er, o sa subtyl: Tink der om, asto dyn frou net earest, dan giet sy it keninkryk fan God earder yn as do (Mt.21,31). Manlju geane yn dat ryk net automatysk foar. It kin der ek op útdraaie datst as man sjochst hoe't dyn frou mei

Abraham, Izaäk en Jakob sitten giet oan 'e feesttafel yn it himelske ryk en datsto sels bûtenkeard wurdst (Mt.8,11.12 // Lk13,28). Dat it komt der wol op oan en eigenje dy as man dit wurd fan God ta. Want de manier wêropst omgiest mei dyn frou makket mei út oftst it keninkryk fan God wol yngean meist.

Mar net allinnich by dyn stjerren, mar ek by dyn libben kinst by God foar in tichte doar komme. Want Petrus slút syn wurd foar de kristenman ôf mei it rigeltsje: “Dan sil neat jimme gebedens yn 'e wei stean”. Tink dy dat ris yn. Do giest as man dyn hûshâlding foar yn it gebed, mar dyn wurden kitse ôf tsjin in tichte himelpoarte. Ik fûn in plaatsje fan de doarpen Baarle-Nassau en Baarle-Hertog. **[ppt]** It is eins ien doarp, mar Nassau leit yn Nederlân en Hertog yn België. De grins kin dus dwers oer dyn itenstafel rinne. Sa kin de grins fan it keninkryk fan 'e himel ek dwers oer de itenstafel rinne. Want de man docht syn hannen wol gear, mar draacht syn frou net op hannen. God kin dêr blykber mar min oer.

Hoe komt Petrus dêr no by dat God sa nei it houlik fan in man en in frou sjen kin? Miskien fine jo dat net sa'n nijsgjirrige fraach. It is al slim genôch dat man en frou net oan deselde kant fan 'e streek stean kinne. Dochs is it wol goed en ûntdek dat Petrus dat net lêzen hat yn warskôgjend, mar yn in bemoedigjend bibelwurd. Want hy basearret syn wurd foar man en frou op Psalm 34 fers 13 oant 16: **[ppt]** “Wa't fan it libben genietsje en goede dagen belibje wol, dy moat net langer kweasprekke en leagens fertelle. Hy moat it kwea mije en inkeld mar it goede dwaan. Hy moat op frede oanstjoere en dêr al syn bêst foar dwaan. Want de Hear sjocht goedgeunstich nei de rjochtfearigen en Hy harket nei har gebed, mar de Hear keart Him tsjin har dy't kwea dogge”.

Op dat psalmwurd rint Petrus' boadskip foar boargers, slaven, froulju en manlju út. Mar ik tink dat er it hieltiten al yn 'e holle hie, doe't er syn lêzers oprôp har del te jaan ûnder elk minsklik skepsel. As hy him ynlibbet yn it lot fan boargers dy't ûnderdrukt wurde troch de keizers, fan slaven dy't ûnderdrukt wurde troch har master, fan froulju dy't ûnderdrukt wurde troch har man, dan moat er fuortendaliks tinke oan Psalm 34: “Hâldsto fan it libben en wolst gelokkich wêze? Lit it kweade dan net master oer dy wurde, mar sykje it goede foar wa't dy kwea dogge. Stjoer op frede oan en doch dêr al dyn bêst foar. Want de Hear sjocht goedgeunstich nei de rjochtfearigen en Hy harket nei har gebed”. Petrus hat dy lêste wurden earst omdraaid: dat de Hear nêt goedgeunstich nei de ûnrjochtfearigen sjocht en nêt harket nei har gebed. Mar no keart er werom nei hoe't it yn Psalm 34 sels stiet.

Moatst ris hearre hoe útnoegjend de wurden dy't hy út dy Psalm oanhellet begjinne: “Wa't fan it libben genietsje en goede dagen belibje wol...” Je soenen sizze: Wa wol dat no

net, fan it libben genietsje en goede dagen belibje? Je wurde der miskien wol wat erchtinkend fan, as it wurd fan God mei sa'n útnoeging komt. Sit hjir gjin njirre ûnder it gers? Mar dat is wier net sa. Psalm 34 seit net mear as dat je, om fan it libben genietsje te kinnen, it kweade nije moatte en it goede sykje. Wa soe it dêr net mei iens wêze? It liket wol oft de wiisheid dy't Petrus hjir ferkundiget fan in muorretegel komt: "Wie goed doet, goed ontmoet" [ppt]. It Frysk ken dat sprekward net. Wol in sprekward dat it tsjinoerstelde seit: "Dy't te goed is foar in oar, is net goed foar himsels". Mar Petrus seit: Dy't goed is foar in oar, is ek goed foar himsels. Want wa't it goede docht, sil it goede ûnderfine. Hy seit dat tsjin boargers dy't yn 'e maatskippij, arbeiders dy't op har wurk en pearren dy't yn har houlik fral pine ûnderfine. En dochts hâldt Petrus út: Wa't it goede docht, sil it goede ûnderfine.

Wêr is dat optimisme op basearre? Je soenen sizze: op dy wurden dy't er út Psalm 34 oanhellet: "Want de Hear sjocht goedgeunstich nei de rjochtfearigen en Hy harket nei har gebed". Mar dat kin wol yn 'e Bibel stean, mar hat it ea bliken dien dat it ek wier sa is? Wa seit my dat dat gjin gjalp fan dy dichter fan Psalm 34 is? Ik tink dat Petrus, om dy fraach te beäntwurdzjen, allinnich de ferzen dy't der efteroan komme mar foar hoegde te lêzen: "De rjochtfearigen rôpen en de Heare harke, út al har benearingen hat Er har ferlost. De Heare is by de brutsenen fan hert, Hy makket frij dy't tebrizele binne fan geast. [ppt] De rjochtfearige mei gâns te lijen hawwe – altyd rêdt de Heare him derút. Hy beskermet syn hiele lichem, gjin bonkje wurdt derfan brutsen". Moatte je, as je dy wurden op je ynwurkje litte, net tinke oan 'e Heare Jezus? As der no ien rjochtfearige wie dy't gâns te lijen hie, dan Hy wol. En dochts hat God him út dat lijen rêdt. "Gjin bonkje fan syn lichem wurdt brutsen", kaam dat net út doe't Jezus dea oan it krús hing (Joh.19,35)? Ja, ek dat wurd dat it lichem fan 'e rjochtfearige beskerme wurdt kaam út, doe't Jezus ferriisde út it grêf. As dat foar Jezus wier wie, wêrom soe it foar dy dan net wier wêze? Do hearst dochts by Him? Do bist dochts in lid fan syn lichem?

Tink dan mar oan Him, as dy ek goed mei kwea ferjilden wurdt. Ja, harkje nei Him, as Er seit oer Himsels en oer dy: "Lokkich de earmen dy't op God fertrouwe, want harres is it himelske ryk. Lokkich de sêftmoedigen, want de ierde sil harres wêze. Lokkich dy't frede bringe, want se sille Godsfreonen neamd wurde. Lokkich dy't suver fan hert binne, want se sille God sjen" (Mt.5,3-11). Ast sa libbest, sille de minsken Jezus yn dy sjen. Ast sa libbest, silsto God sjen.

God sjen, dat is it lean foar minsken dy't Jezus folgje wolle. Mar Psalm 34 spruts der al fan: "Priuw en sjoch, hoe goed de Heare is. Hoe gelokkich binne de man en de frou, dy't by Him skûlje" (Ps.34,9). Amen.